

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Avine Fokkens-Kelder, Sietske Poepjes
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn 'e Leeuwarder Courant fan 6 maart II. waard berjochte oer in plan foar in sinnefjild fan mear as 60 ha. oan 'e súdkant fan Ljouwert, yn it iepen lânskip en op lânbougrûn.</p> <p>Op 10 maart II. wie der in besletten byienkomst foar in pear omwenjenden. Op dy byienkomst waard dúdlik dat sy, en ek bygelyks de enerzjykoöperaasje Goutum en de bestjoeren fan doarpsbelangen, net of mar summier ynformearre wiene oer it plan. Op de byienkomst waard it plan ek net taljochte.</p> <p>Wol waard dúdlik dat de oanfraach foar in omjouwingsfergunning nije wike al yntsjinne wurde sil by de gemeente Ljouwert en dat de inisjatyfnimmers ferwachtsje dat sy ein septimber definityf útslútsel krije sille. As de gemeente posityf is oer it plan, dan sil it bestimmingsplan wizige wurde moatte, sa waard dúdlik. Der waard sein dat de provinsje op 'e hichte is fan it plan en dêr yn prinsipe posityf tsjinoer stiet.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is it kolleezje op 'e hichte fan it plan foar mear as 60 ha sinnepanielen oan 'e súdkant fan Ljouwert? As dat sa is, kin it kolleezje mear ynformaasje jaan oer dit projekt en of it der posityf tsjinoer stiet, en as dat sa is, wêrom?2. Yn de Feroardering Romte wurdt easke dat opstellingen foar sinne-enerzjy yn te passen binne binnen de lânskiplike en kultuerhistoaryske kearnkwaliteiten. Yn de notysje Romte foar de Sinne wurdt boppedat de klam lein op draachflak en it belang fan in soarchfâldige kar fan de lokaasje, ek ûnder ferwizing nei it streekplan Grutsk op 'e Romte. Tinkt it kolleezje dat in projekt lykas dit foldwaan kin oan de easken dy't de provinsje stelt? As dat sa is, kin it kolleezje dat dan motivearje? As dat net sa is, kin it kolleezje dan oanjaan oft de inisjatyfnimmers oare mooglikheden hawwe om it projekt te realisearjen?3. Yn it Bestjoersakkoart 'Lok op 1' is fêstlein dat by de beoardieling fan sinneparken de sinneljedder tapast wurde moat. Dat prinsipe is ek fêstlein yn de konsept Omjouwingsfisy. Is it kolleezje it mei ús iens dat it plan yn dat ljocht net passend is?
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP Sijbe Knol CDA Maaïke Prins 50PLUS Theun Wiersma
Datum	11 maart 2020